



de Earn

Utjefte fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld

In abonnemint op de nije Earn

Bygeand ûntfange jo in proefeksimplaar fan de 'nije Earn', it tydskrift fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld. Dat dogge wy om jo yn 'e kunde te bringen mei ús blêd yn 'e hope, dat guon fan jim it nijsgjirrich genôch fine om der in abonnemint op te nimmen. Want hoewol't it tal nije abonnees ús tafalt, it it noch net grut genôch om in bestean op langere termyn feilich te stellen.

(NB: Ha jo al in abonnemint? Wa wit kenne jo in oar dy't ek belangstelling hat!)

Wat wolle wy krekt mei de Earn?

Wy geane der fanút dat der yn Fryslân in merk is foar in yn prinsipe Frysktalich tydskrift dat ynformaasje biedt oer teologyske en libbensbeskôgljike ûnderwerpen, yn modern godstsjinstige geast en ûnôfhinklik fan de besteande tsjerken. Wy wolle ús dan ek net bine oan tsjerklike teology en oan tsjerklike kaders. Fansels steane wy iepen foar alles wat weardefol is yn de bibelske en de kristlike tradysje, mar stelle ús wol kritysk op. Op dyselde wize steane wy iepen foar de hjoeddeiske wittenskip en kultuer.

Mei de ynhâld fan it tydskrift wolle wy besykje om temjitte te kommen oan it ferlet fan minsken dy't op geastlik gebiet sykjend binne; minsken dy't oan de iene kant boeid wurde troch de grutte fragen fan leauwen en libben, mar dy't oan de oare kant fakentiids gjin befrediging fine by de tradisjonele tsjerklike antwurden.

Wy binne fan doel om artikels op te nimmen dy't geane oer bibelske en teologyske ûnderwerpen; oer de ferhâlding tusken wittenskip en leauwen; lêzings dy't hâlden binne op de Earnewâldster rûnte; gearfettings fan preken dy't yn Earnewâld hâlden binne; artikels oer keunst en kultuer; ferhalen en poëzij ensfh. Yn de Earn wurde ek de tsjerketsjinsten en oare aktiviteiten fan de Wurkferbannen yn Earnewâld, Itens en Sleat opnommen.

Op dizze wize hopet dizze nije *Earn* njonken de lêzingjûnen fan de 'Earnewâldster Rûnte' - ús stúdzjerûnte dy't dit jier it tsiende seizoen yngiet - en de webside www.fowe.org in kanaal te wêzen om modern godstsjinstich gedachtegoed yn de Fryske taal út te dragen.

Redaksje en wurkwize

De redaksje fan de Earn bestiet út:

Yvonne Hiemstra, foarsitster fan it FOWE; Rienk Klooster, dûmny by de herfoarme gemeente; Tine van Minnen, skriuwster fan it FOWE en administratise fan de *Earn* en Jan Lautenbach, redaksjeskriuwer en webmaster.

It is it doel dat de *Earn* it earste jier fjouwer kear ferskynt. Dêrnei wurdt beoardiele oft it seis kear wurde kin.

Foar ynhâldlike fragen oer de nije opset kin kontakt opnommen mei ûndertekene (till. 058-251 94 25).

Foar fragen oer abonneminten ensfh. kinne jim terjochte by Tine van Minnen (till. 06-20 60 04 09).

Foar de redaksje fan de Earn

Rienk Klooster

Opjefte foar in abonnemint kin fia E-post by: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Jou de gegevens troch dy't hjirûnder fermeld steane. Tillefoannûmer en E-postadres wolle wy graach hawwe foar as wy ris kontakt opnimme moatte. It nûmer fan jo bankrekken hawwe wy nedich foar automatyske ynkasso fan it abonnemintsjild (€ 10 by 4 nûmers yn it jier en € 15 by 6 nûmers yn it jier).

Skrifftlik kin fia it ynfoljen en ûndertekenjen fan ûndersteand formulier.

Namme :

Adres :

Postkoade en wenplak :

Tillefoan :

E-postadres :

Bankrekken :

Ik jou my hjirby (oant opsizzing) op foar in abonnemint op de Earn en machtigje it FOWE it abonnemintsjild automatysk ôf te skriuwen fan myn hjirfoar fermelde bankrekken.

.

Stjoer dit formulier dan nei: FOWE, p/a Tine van Minnen, Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld